US WURK LXXI (2022), p. 22

[1590] Literair Kwartier. De radio as spegel en megafoan fan ’e Fryske literatuer tusken 1945 en 1975

Martijn Kingma & Goffe Jensma

Abstract. *This contribution entails an extensive analysis of the Northern Dutch literary radio program Literair Kwartier (Literary Quarter). After Dutch national radio had already broadcasted literary programs from the early 1940s onward, the three Northern Dutch provinces (Fryslân, Groningen and Drenthe) were to follow as soon as they acquired a regional broadcasting station of their own in 1945, called RON or RONO. The emphasis on culture characterizing policy-making in postwar Dutch politics in general proved favorable to literature. In a great many book reviews and talks on literature Literair Kwartier acquainted literary critics and writers from the region to the broader listening audience. Since the program largely discussed Frisian literature, it makes for a remarkable insight into the issues, reception and evolution of this minority literature in the decades shortly after the Second World War. Yet, not in the least through the inclusion of book reviews of renowned national and international authors, Literair Kwartier also guided its listeners towards a proper high-brow literary taste. Literair Kwartier, the authors conclude, can best be seen not only as complementary to the written criticism of the period but also as an amplifier of the literary taste in the region in general.*

1. Ynlieding[1]

Yn de rin fan de 21ste iuw hat de komst fan nije media it karakter fan kultueroerdracht yn ús maatskippij wêzentlik feroare, ek dy yn it Fryske fjild. Benammen de digitale media hawwe yn de perioade nei rûchwei 2000 in ûnbidigen ynfloed op de kommunikaasje tusken minsken. Dat is ek yn de literatuer net sûnder gefolgen bleaun. Tsjintwurdich is it genietsjen fan lite-

1. De orizjinele, stinsele eksimplaren fan teksten út Literair Kwartier (LK) lizze – foar safier’t se bewarre binne – ferspraat oer ferskillende ynstellingen. Foar dit projekt hawwe wy safolle mooglik eksimplaren garre en ynscand. Dy samling sil sa gau mooglik ûnderbrocht wurde op ien fan de websites fan Tresoar. Wy ferwachtsje dat dat yn 2022 syn beslach krije sil.

Us Wurk 71 (2022), s. 22-50; https://doi.org/10.21827/uw.71.22-50

ratuer net langer, en miskien net iens mear yn it earste plak, allinnich in kwestje fan printe boeken, mar fan in follekleurich multymediaal barren, wêryn't de ûnderskate mediale foarmen hieltyd nei inoar ferwize.[2]

Dizze selde konstellaasje hat in foarskiednis yn biten en brokken. Ta in hichte hat de Fryske literatuer him earder faker betsjinne fan oare media as it boek. De measte minsken sille bygelyks, as se der op ferge wurde, it projekt 'Operaesje Fers' wol kenne – gedichten fia de telefoan.[3] Mar je kinne ek tinke oan de byldbepalende yllustraasjes fan Ids Wiersma by de Rimen en Teltsjes fan de Halbertsma's, it njoggentjinde-iuwske Winterjûnenocht of oan de toanielstikken fan Douwe Kalma, om mar in stik as wat foarbylden te neamen. Ek earder waarden dus oare media as printwurk brûkt om literatuer en diskusjes oer literatuer foar it fuotljocht te bringen.

Dit artikel giet oer ien fan dy media, in hiel spesifike foarm ek, nammentlik de radio. Fan de lette jierren 1940 ôf oan waard de 'triedleaze' foar de Fryske literatuer in belangryk medium. Net allinnich waarden doe foar it earst mieningen oer literatuer trochdien oan in publyk sa manmachtich as earder ûntinkber west hie, ek late it ta nije foarmen fan organisaasje fan it literêre fjild sels.

Wy binne der hjir op út om alderearst sjen te litten hoe't dy radioútstjoeringen út de perioade tusken 1945 en 1975, of eins tusken 1950 en 1973, ynhâldlik sjoen in ôfspegeling wiene fan de Fryske literatuer. Fansels jouwe wy, om dy ynhâldlike analyze yn te bêdzjen, ek omtinken oan wat dy útstjoeringen tafoegen oan it literêre bedriuw. Ta in hichte kinne je de Literair Kwartier-útstjoeringen begripe as de radio-pendant fan it literêr tydskrift *De Tsjerne*. It wurd dat dy beide ferbynt is: skôging – skôging fan literatuer en skôging fan de maatskippij. Dat gie yn beide gefallen yn de foarm fan essays en fan besprekken. Yn dit stik geane wy om de romte op dy ûnderlinge ferbining net djipper yn. Mei omdat de jierren 1940 oant 1970 fan sa'n grutte ynfloed west ha op de moderne Fryske literatuer is it ûnderwerp lykwols wol in ferfolchstúdzje wurdich.

Us ferhaal oer Literair Kwartier is basearre op de analyze fan in moaie samling dokuminten, nammentlik stinsels fan mear as 500 teksten dy't útsprutsen binne yn in grut oantal radioútstjoeringen út de jierren 1950 oant

2. Sjoch it moaie artikel fan Brillenburg Wurth, Kiene, 'Remediation', yn: M. Rosendahl Thomsen e.o., *Literature: an introduction to theory and analysis* (London; New York 2017), 327-337. Wy ferwize ek graach nei ynkoarten te ferskinen artikel oer dit ûnderwerp fan 'e hân fan Jensma, Kingma, en Rymke Schuurmans.
3. Zwaag, Geert van der, 'It ûntstean fan Operaesje Fers', *Trotwaer* 15 (1983), 41-46; 169-176; 369-381.

1973 (sjoch fierder paragraaf 4).[4] De RON (letter RONO – Regionale Omroep Noord en Oost) hie yn dy tiid ûnder de namme Literair Kwartier in literêre rubryk dêr't in grut oantal noardlike skriuwers en literatuerkritisy oan meiwurken.

Yn dit artikel sketse wy alderearst koart de skiednis fan de radio as massamedium en dan fansels spesjaal dy yn de noardlike provinsjes. De dêrnei folgjende beskriuwing en analyze fan it programma leit de klam op de edukative toan fan dit radioprogramma. Je moatte dy wat belearende toan sjen as diel fan folle bredere beliedsmjittige programma's fan kulturele ferheffing fan fuort nei de oarloch. Pas letter, yn de mear dynamyske jierren 1960, krige it programma in losser, mear ferdivedearjend karakter. Oan dy analyze fan toan, styl en ynhâld litte wy in mear getalsmjittich analytysk oersjoch foarôfgean fan it totaal oan teksten dy't út de goed 23 jier fan it bestean fan Literair Kwartier oerlevere binne.

It doel fan dit artikel is sadwaande twaliddich. Wy jouwe in op kwantitatyf empirysk ûndersyk basearre beskriuwing fan de radiorubryk Literair Kwartier en wy jouwe dêrnjonken in mear kwalitatyf ynstutsen narratyf oer it kultureel opfiedend karakter fan it programma as spegel fan de Fryske literatuer.[5] Wy beheine ús fansels meast ta de Frysktalige literatuer, hielendal yn it kwantitative oersjoch, mar geane de oare besprutsen literatueren net út 'e wei, lykas dy yn de oare noardlike streektalen of ynternasjonale literatuer.

4. Nei it ôfsluten fan it ûndersyk (jannewaris 2021) fûnen wy noch in 30-tal teksten yn de UB Grins. It is de bedoeling om dy al mei te nimmen yn de digitale publikaasje fan alle teksten út LK (yn gearwurking mei Tresoar). It soe goed wêze kinne dat der yn de Groninger Archieven of yn it Literatuurmuseum yn De Haach noch mear teksten binne. Dy hawwe wy fanwegen de tiid en de koroanamaatregels net meinimme kind. Besites oan it argyf fan Omrop Fryslân en de Fryske Akademy smieten gjin nije teksten op.
5. Om in algemien byld te foarmjen fan de Fryske literatuer nei de oarloch binne de folgjende boarnen brûkt: Corporaal, Joke, *Salang't de beam bloeit* (De Gordyk 2018); Dykstra, Klaes & Oldenhof, Bouke, *Lyts hânboek fan de Fryske* literatuer (Ljouwert 1997); Gezelle Meerburg, Babs, *Hwant wij binne it nijs ûnder en boppe de sinne* (Ljouwert 1997); Mous, Huub, *De Fries die in de toekomst sprong. Fries modernisme in de jaren zestig* (Ljouwert 2016); Oppewal, Teake e.o., *Zo lang de wind van de wolken waait, geschiedenis van de Friese literatuur* (Amsterdam 2006); Smit, Jo, 'De Fryske literatuer 1945-1967', *De Tsjerne* 23-4 (1968), 121-186; Winters, Willem, 'De wite skelk fan Richt', *Hjir* 28-6, 1999, 1-76.

2. Radio en literatuer yn Nederlân
2.1 It begjin fan 'e radio yn Nederlân

Op tongersdei 6 novimber 1919 slingere de âld-Weidumer Hanso Schotanus à Steringa Idzerda yn De Haach de earste radioútstjoering yn Nederlân de eter yn. It wie it begjin fan de Nederlânske radioskiednis.[6] It medium waard yn it ynterbellum gau populêr en de omroppen skeaten as poddestuollen ta de grûn út. Yn dy tiid fan ferpylding soarge dat al hiel gau foar kreauwerij oer stjoertiid.[7] De oerheid kaam dêrom yn 1930 mei it 'zendtijdbesluit' fan minister Reymer. Dat regele dat de omroppen fan de fjouwer grutste pylders (AVRO, KRO, NCRV en VARA) elk 20 prosint fan de stjoertiid krigen. Foar ús ûnderwerp is it radio-reglemint dat yn datselde jier ynsteld waard faaks nijsgjirriger. Dêryn waard nammentlik fêstlein dat de omroppen útstjoeringen fersoargje moasten fan 'ontspannenden, leerzamen, politieken, aesthetischen, ethischen en religieuzen aard'.[8]

Yn it ramt fan dy kultureel opfiedende programmearring krige yn it ynterbellum ek literatuer al gau in plakje, al wie de stjoertiid doe noch hiel beheind.[9] De ferneamde literatuerkritikus P.H. Ritter jr. (1882-1962) wie de earste dy't yn Nederlân op 'e radio in boekerubryk fersoarge. Op 28 febrewaris 1928 presintearre er it AVRO-programma 'Het Boekenkwartiertje'.[10] A.M. de Jong (1888-1943, skriuwer fan it doetiids bekende boek Merijntje Gijzens jeugd), fersoarge letter alle sneinen by de VARA in sprutsen boekpresintaasje.[11] Literêre krityk op de radio bleau yn dy tiid lykwols wat op de eftergrûn. Mannen as Menno ter Braak (1902-1940) en Eduard du Perron (1899-1940), yndertiid de grutte boechbylden fan de literêre krityk, hearden je net op de triedleaze.[12]

---

6. Sjoch oer Idzerda: Wijfjes, Huub en Hogenkamp, Bert. 'De dageraad van de eeuw van beeld en geluid'. Yn: B. Hogenkamp, S. de Leeuw en H. Wijfjes, *Een eeuw van beeld en geluid. Cultuurgeschiedenis van radio en televisie in Nederland* (Hilversum 2012), 34-43.
7. Oer dy 'radiostriid': Heuvel, J. van den, *Nationaal of verzuild. De strijd om het Nederlandse omroepbestel in de periode 1923-1947* (Baarn 1976), benammen haadstik 1.
8. Wijfjes, Huub, 'Veelkleurige radiogemeenschappen'. Yn: B. Hogenkamp, S. de Leeuw en H. Wijfjes, *Een eeuw van beeld en geluid. Cultuurgeschiedenis van radio en televisie in Nederland* (Hilversum 2012), 64.
9. Sjoch oer yntrede fan de radio yn Nederlân ek: Dera, Jeroen, *Sprekend Kritiek. Literatuurprogramma's in de vroege jaren van de Nederlandse radio en televisie* (Hilversum 2017).
10. Idem, 41.
11. Idem, 42.
12. Beide wienen foar Sierksma en Wadman as kritisy grutte foarbylden. Sjoch oer Ter

De klam op opfieding en ferheffing en dus ek op kultuer utere him yn de perioade fan weropbou nei de Twadde Wrâldoarloch yn in útwreiding fan it programmaoanbod. It inisjatyf dêrta lei by it Ministearje foar Underwiis, Kultuer en Wittenskip. As minister op dat departemint spile de Grinzer heechlearaar godstsjinstwittenskip Gerardus van der Leeuw in grutte rol. En krekt foar dat ministearje bestiene grutte plannen, sa docht bliken út in rede fan minister-presidint Schermerhorn:

> 'Wat onderwijs, kunsten en wetenschappen betreft, ligt het in de bedoeling der regering, dat maatregelen zullen worden getroffen, om dit departement te maken tot de centrale plaats waaruit de volksopvoeding in de breedste zin kan worden bevorderd (...). De radio-omroep zal bij het departement worden getrokken. Op het gebied der kunst zal de regeringsbemoeiing van de grond af moeten worden georganiseerd, hetzelfde geldt voor de volksopvoeding in de ruimste zin (...)'.[13]

Schermerhorn syn radio-rede sketst sa it kulturele klimaat fan koart nei de oarloch, dêr't ek de Regionale Omroep Noord (RON) yn ûntstean koe. En noch mear taspitst wie ek de boekerubryk 'Literair Kwartier' yllustratyf foar ditselde belied fan 'volksopvoeding in de breedste zin'. It brocht de harkers nammentlik literêre smaak by en alles wat dêrby heart oan gefoel foar estetyk en psychology. Faaks wie it gjin tafal dat Fokke Sierksma, as ien fan de oprjochters (en ek mei ien fan de earste RON-meiwurkers), krekt by Van der Leeuw ôfstudearre wie yn de godstsjinstwittenskip. Ut syn skôgjend wurk docht ek bliken dat Sierksma Van der Leeuw en dy syn ideology heech hie. De manier sa't er syn funksje as radiomeiwurker ynfolle, jout dêr ûnmiskenber bliken fan.[14]

2.2 Fan RON nei RONO

Opfieding, kultuer en ferheffing wiene ek de grûnslach dêr't Regionale Omroep Noord mei wurke. Yn it begjin gie dat faaks noch wat studintikoas en knoffelich, mar mei de tiid waard de omrop hieltyd profesjoneler. In greep

---

Braak: Hansen, Léon, *Menno ter Braak 1902-1940* (Amsterdam 2000-2001) (twa dielen) en oer Du Perron: Meulen, Dik van der, *E. du Perron, een korte biografie* (De Haach 1990).

13. Radio-rede 27 juny 1945; sitaat helle út Bolkestein, Gerrit, 'Van der Leeuw als nationale figuur', *De Nieuwe Stem* 6 (1951), 65-74.
14. Sierksma, Fokke, *Professor dr. G. van der Leeuw, Dienaar van God en hoogleraar te Groningen* (Amsterdam 1951) en Idem, 'Van der Leeuw na vijf en twintig jaar', yn: *G. van der Leeuw herdacht* (Grins 1975), 2-12.

út de programma's yn dy jierren koart nei de oarloch lit sjen hoe't dy kultuer yn de eter útsutele waard en hoe't der yn hast alle beskikbere rubriken dyselde kultureel-edukative ûndertoan siet.

De earste konkrete stappen om ta de RON te kommen wiene nommen troch twa Grinzer studinten: Gijs Stappershoef en Jan Posthumus.[15] Dy kamen mei it idee om de âlde radioapparatuer fan de finzen nommen NSB-propagandist Max Blokzijl te brûken om útstjoeringen te fersoargjen. Sy wisten it Militêr Gesach der fan te oertsjûgjen dat sy sa meihelpe soene om de stêd Grins wer op in ordintlike manier op gleed te helpen. In earste útstjoering fûn plak op 15 maaie 1945. Koart dêrnei al ferskynde Fokke Sierksma yn de provisoaryske studio op it Martinikerkhof 23 op it toaniel. Sierksma wie yn dy tiid as kultueramtner wurksum by it Militêr Gesach yn Ljouwert en it like him wol wat as ek Fryslân oan dy radioútstjoeringen meidwaan koe.[16] Doe't yn 1946 ek Drinte by it stjoergebiet kaam, wie de Regionale Omroep Noord in feit. Goed trettjin jier letter heakken ek Gelderlân en Oerisel oan en waard de namme ferbrede nei Regionale Omroep Noord Oost, fan RON nei RONO.[17]

Lykas sein, fan miet ôf oan lei yn de programmearring in grutte klam op kultuer. Behalven Sierksma spilen trije man dêrby as haad fan de RON/RONO in beskiedende rol: Sjoerd Leiker (haad fan 1948-1952), Jo Smit (1952-1959) en Govert Gezelle Meerburg (1959-1961). Net it feit dat it Friezen wiene, mar dat se in hert foar literatuer en kultuer hiene, sil der yn meispile ha dat in programma as Literair Kwartier der kaam en dat it programma ek sa'n navenant grutte Fryske ynfolling krige.

De measte programma's by de RON wiene yn earste ynstânsje ferdivedearjend fan aard, mar ek dy hiene as ûnderlizzend doel it bybringen fan kennis oer kultuer. In priuwke fan samar in 'day in the life' ûnderskriuwt dat fierder. Op snein 26 maaie 1972 waard der fan jûns seis oant acht oere útstjoerd, begjinnend mei in Literair Kwartier.[18] Nei in kertierke 'lichte muziek' folge in sportútstjoering fan trije kertier. Nei dy spannende sport-

15. Sjoch ek Sandman, Herman, *Arcadia der poëten. Het literaire leven in Groningen, 1945-2005* (Grins 2008), 46-47 en Goot, Annelies van der, 'Jongens waren we. Geart de Vries als documentairemaker bij Omrop Fryslân', yn: Y. Kuiper & H. Oly, *Leeuwarden. Fryslâns hoofdstad, European capital of culture* (De Gordyk 2021), 16-25.
16. Hjiroer: Brouwer, Jelle Hindriks, 'Oantinkens oan Fokke Sierksma', *It Beaken* 40 (1978), 189-202, ben. 201 e.f.
17. TV-dokumintêre *50 jier Omrop Fryslan*; Boonstra, Hanneke, *Martinikerkhof 23. 50 jaar Radio Noord* (Grins 1996).
18. *Programma voor de week van 28 mei t/m 3 juni 1972*, net-ynvintarisearre map út argyf Omrop Fryslân.

reportaazje koene de harkers genietsje fan it tredde pianokonsert fan Rachmaninoff. Dy miks past goed by it kultureel opfiedende karakter fan de radio-programma's. Grif mear as in pear harkers bleau nei alle gedachten nei it sportsjoernaal hingjen en krige ek in priuwke fan de high-brow kultuer.

It apart foar Fryslân makke diel fan de programma's, de saneamde 'Fryske útstjûring', bestie op himsels ek wer út in ferskaat oan rubriken. De earste haadredakteur, Pieter Kalma, regele bygelyks kommentaar op de aktualiteiten yn it Frysk troch Fedde Schurer en Sjoerd van der Schaaf, dat Kalma út de studio yn Grins wei foarlies.[19]

Njonken de aktualiteiten wie der yn de Fryske útstjoering ek in grut oanpart kulturele programma's. Harkspullen mei ûnder oaren Tetman de Vries en de kwis 'Dûbel of neat' mei as kwismaster de skriuwer-dichter en Fryske Akademy-wurdboekman Douwe Tamminga wiene populêre programma-ûnderdielen.[20] Yn dy kwis koenen de meidoggers Tamminga de fraach weromstelle as sy it antwurd net wisten. Dûbel of neat liket sa op it each frij leechdrompelich, mar kwa ynhâld wie sels dat fragespultsje wer yllustratyf foar de kultureel-edukative ûndertoan fan de measte programma's fan de RON. De kwis hie neffens Tamminga nammentlik it doel 'om kennis te fersprieden ûnder it folk fan dingen dy't mei Fryslân (...) te meitsjen hienen'.[21]

Los fan Literair Kwartier wie der ek yn de Fryske útstjoering wol omtinken foar literatuer, benammen yn de earste jierren. In foarbyld dêrfan is de rige 'Under de reinbôge'. Yn dy searje fersoarge de heechlearaar Frysk Jelle Brouwer in karlêzing fan hichtepunten út de Fryske literatuer en lies er proaza of poëzy foar. It swiertepunt fan it omtinken foar literatuer lei lykwols net yn de 'Fryske útstjûringen' mar yn in rubryk út it algemiene programma: Literair Kwartier.

3. De rubryk Literair Kwartier

It nei-oarlochske ideaal fan kulturele ferheffing die bliken in fruchtbere boaiem foar in literêre rubryk te wêzen. It Literair Kwartier woe de harker/lêzer literêre smaak bybringe en folge dêryn ek wer de bredere ûntwikkelingen troch de tiid hinne. Sûnder dat de rubryk doe it literêr-estetysk ideaal losliet, waarden – mei de komst fan sjoernaliste Tiny Mulder as einredak-

19. Duinen, Gryt van, Miedema, Saapke en Tolsma, Rein, *Under ien dak* (Ljouwert 1999), 6-10.
20. TV-dokumintêre *50 jier Omrop Fryslan* diel 1, 15:40.
21. Idem, 14:20.

teur – de straffe jierren fyftich opfolge troch de folle lossere jierren sechtich en santich.

Literair Kwartier waard al yn 1945 foar it earst útstjoerd, earst ien kear yn ’e wike en fan 1948 ôf oan om de oare wike. Yn dyselde snuorje waard de rubryk ynrjochte troch de Grinzer dichter A. Marja (pseudonym fan A.Th. Mooij). Dy – hy wie dêrnjonken ek in ferneamd practical joker – hold alle wiken in earnstige ferhanneling oer resint ferskynde literatuer.[22] Om dyselde tiid hinne – ein 1946 – naam Fokke Sierksma de útstjoeringen oer.[23] Hy folle se mei in rigele ynterviews mei Grinzer en Fryske dichters. Sierksma wie der yn de fraachpetearen op út om de besprutsen skriuwer(s) te pleatsen yn it literêre miljeu. Boppedat hie er in soad omtinken foar de ferskillen tusken literatuer en lektuer (sjoch ek 5.2).[24]

Omdat de studio yn Grins stie, lei it yn ’e reden dat de sprekkers ek út dy omkriten rekrutearre waarden. In foarbyld dêrfan wie Fokke Sierksma sels. Sawat de hiele perioade dat er by de RON wurke, wie er ek warber as wittenskiplik amtner by de Universiteitsbiblioteek. Sierksma waard wol ris ôfwiksele troch oaren, lykas op 4 desimber 1953 troch W.F. Hermans, dy’t yn dy tiid kolleezjes yn de fysyske geografy fersoarge oan de universiteit.[25] Ek heechleararen Theo van Baaren en Pieter Roscam Abbing sprutsen foar de mikrofoan fan Literair Kwartier.[26] Der wienen dus geregeldwei akademisy fan kwizekwânsje efter de mikrofoan te finen.

It Grinzer akademysk klimaat klinkt ek troch yn de styl fan de besprekken. It wiene wiere radio-essays. Yn útdrukkingen as ‘dat is voor iedereen luce clarius’ of ‘das gibt’s nur einmal, das kommt nie wieder’ lieten de sprekkers harsels foarstean op har yntellektueel-elitêre erudysje.[27] De sinsbou en styl fan de foardrachten wie fierders trochstrings de barokke kant it neist. De Grinzer dichter Niehoff, yn dy syn lêzing oer de ûntjouwing fan

22. Sjoch foar syn streken LK 20/10/1960 A. Marja - Practical jokes in de literatuur en Boonstra, *Martinikerkhof 23*, 14-16.
23. Neffens de bibliografy yn Ubbink, R.A., ‘Literair kwartier’. Fokke Sierksma als literair radiocriticus bij de Regionale Omroep Noord, 1946–1955’, De Vrije Fries 89 (2009) wie Sierksma syn earste besprek op 4 oktober 1946 en bestie it programma doe al in goed healjier.
24. Ubbink, ‘Fokke Sierksma’, *De Vrije Fries* 89, 12.
25. LK 04/12/1953 W.F. Hermans - Experimentele poezie; sjoch ek: Delvigne, Rob, ‘Tot u spreekt: W.F. Hermans over experimentele poezie’, *Hermans-magazine* 32 (1999), 104-108.
26. LK 21/03/1952 prof. dr. Th. P. van Baaren - F. Sierksma, *Tussen twee vuren* en LK 19/09/1963 prof. dr. P.J. Roscam Abbing - K. Heeroma, *Nader tot een taaltheologie*.
27. LK 22/10/1951 F. Sierksma - Friese romans.

de Grinzer literatuer nei de Twadde Wrâldoarloch, jout dêr in moai stealtsje fan:

> ‘Niet alleen verloor het onmiddellijk zijn avant-gardistische karakter, waardoor het getracht had, de woordkunst van Groningen waarlijk contemporain te maken en vrij van haar archaïstische en starre, op de 19e eeuw geïnspireerde tendenzen, maar ook ging het kwalitatief dramatisch achteruit en verdronk in de heimatliebelei der Twenten en Bentheimers.’[28]

Sa’n sitaat lit ek sjen hoe’t Literair Kwartier fan de yn literatuer yntéressearre taharker aardich wat yntellekt en kennis frege, al hielendal yn in tiid dat de tsjintwurdige lúkse fan pauze- en weromspielknoppen noch net útfûn wie.

Sokke omslachtige foardrachten as dy fan Niehoff wiene net optimaal om de ynteresse los te meitsjen, lit stean om dy fêst te hâlden. Om dy reden fierde Tiny Mulder, as opfolger fan de teologystudint Lolle Nauta (dy’t letter noch heechlearaar filosofy yn Grins wurde soe), fan 1966 ôf oan in tal feroaringen troch. It programma skeakele ûnder har bewâld oer op in populêrdere en modernere ynstek. Sy hie it hân mei ‘dy belearende referaten’ dy’t ‘op ’en doer begûnen te ferfelen’.[29] Dêrom moast der ‘koarter om ’e bocht sprutsen wurde’.[30] Ien fan de feroaringen yn dat ramt wie it pocketboekprogramma, dêr’t fjouwer sprekkers elk in pear minuten krigen om in boek te besprekken. Boppedat waarden yn de tiid dat Mulder de rubryk dirigearre regelmjittich boeken besprutsen dy’t neat mei Noard-Nederlân te krijen hienen, lykas Nederlânske oersettingen fan Doris Lessing of fan de Poal Stanislaw Jerzy Lec.

Mulder soarge sa foar modernisearring. It gruttere ferskaat oan stimmen en de koartere sprektiid kamen de harker yn ’e mjitte. By de ûndertoan fan it programma – op ’e nij: dy fan kulturele opfieding – pasten de besprekken fan ynternasjonale literatuer goed. Sa rekken harkers op ’e hichte mei wurk fan bûten har eigen kulturele hoarizon.

Lykas al sein bleau de opset fan de resinsjes wol gelyk. De besprekken hiene it measte wei fan wat yn de literatuerteory en -skiednis ‘new criticism’

28. LK 19/09/1963 J.S. Niehoff - Na-oorlogse ontwikkeling en toekomst van de Groninger streektaalliteratuur, 8.
29. Vries, Geart de, *Foar alles is in tiid. It libbensferhaal fan Tiny Mulder* (Ljouwert 2006), 159.
30. Ibidem.

neamd wurdt.[31] Neffens dy teory wie foar it foarmjen fan in oardiel ‘close reading’ fan de tekst belangriker as de kontekst dêr’t it wurk yn paste. Dat fynt syn wjerklank yn de opsetten fan de besprekken. Nei in koarte yntroduksje fan de kontekst fan it besprutsen wurk waarden yn Literair Kwartier steefêst in stikmannich aspekten fan in boek útljochte, dy’t úteinlik nei in ôfwoegen einoardiel laten. Neffens resinsint Cornelis Frits de Vries – in learaar Nederlânsk oan it Alvinus yn Snits – wie it grutte foardiel fan sa’n opset dat allinne de echt yntéressearre taharkers nei de yntroduksje net ôfheakken:

> ‘Ik stel mij altijd voor, dat na de inleidende besprekingen, wanneer het type boek en de korte inhoud bekend zijn, een aantal mensen de knop van het toestel omdraait en zegt: dit soort interesseert mij niet, daar hoef ik niet langer naar te luisteren. Dan blijft er voor mijn gevoel een kleine groep over, met wie het gesprek opeens een vertrouwelijker karakter krijgt en wier belangstelling het aantrekkelijk maakt eens wat dieper op de zaak in te gaan’.[32]

Wat dit sitaat (út 1968) ek sjen lit is hoe’t it taalgebrûk bûniger en koarter om ’e hoeke waard. De Vries syn styl kontrastearret bot mei it eardere sitaat fan Niehoff hjirboppe. De taal is folle tagonkliker en liniger wurden, grif ek mei troch ynminging fan de oare einredakteur, Tiny Mulder.

De feroaringen setten ek op organisatoarysk mêd troch. Yn maart fan 1973 gie Literair Kwartier op yn it bredere kulturele programma ‘Aspecten’. It krige doe de namme ‘De Boekenbus’, dat ek as printe tydskrift ferskynde. Dat hat fan 1975 oant 1977 bestien en wie op bestelling fergees te krijen.[33] Foar de rest fan dit stik wurdt maart 1973 oannaam as ein fan de rubryk Literair Kwartier, omdat it doe syn selsstannigens ferlear.[34]

4. Kwantitative beskriuwing fan Literair Kwartier

Ear’t fierder yngien wurde kin op de ynhâld, moatte wy no earst in helderder begryp krije fan de foarm en de omfang fan Literair Kwartier, fan de by

---

31. Ransom, John, *The new criticism* (Norfolk 1941) en Litz, A. Walton e.o., *Modernism and the New Criticism.* The Cambridge History of Literary Criticism vol. 7 (New York 2000).
32. LK 07/04/1968 C.F. de Vries - Een kritikus en zijn werk, 3.
33. Boekenbus: literair-kritisch tijdschrift voor Noord- en Oost-Nederland (Grins 1975-1977). Van Duinen e.o., *Under ien dak*, 15.
34. Yn de jierren 1960 hat de rubryk foar in skoftke de namme *Literair Leven* droegen, mar dy wiziging wie allinne nominaal.

de rubryk behelle minsken en fan dy harren wurkwize. Dat dogge wy yn dizze kwantitatyf opsette paragraaf.

Foar dit ûndersyk hawwe wy alle teksten brûkt dy't wy mar fine koene fan yn Literair Kwartier útsprutsen foardrachten.[35] Dy teksten komme út Tresoar, it Frysk Ynstitút fan de Ryksuniversiteit Grins en de Universiteitsbibleteek yn Grins.[36] Alle teksten dy't foarhannen wienen, binne ynscand, OCR'd en binne as pdf te rieplachtsjen (wat wy foar de folgjende paragraaf ek dien ha). Omdat der spitigernôch amper audiofragminten bewarre bleaun binne, binne dy net meinaam yn it ûndersyk.[37]

De teksten út Literair Kwartier binne oerlevere op stinsels. Nei alle gedachten omdat ymprovisaasje net striek mei de doetiidske praktyk fan it programmearjen op 'e radio, moasten de sprekkers yn it foar in tekst fan in sekuer fêststelde lingte optinke dy't se ek ynleveren. De sekretaresse fan it programma fermannichfâldige dy teksten dan op stinsels.[38] De âldst oerlevere eksimplaren binne dy fan de útstjoering fan 27 jannewaris 1950 en de lêste dy fan 18 febrewaris 1973. Fan de earste fiif jier Literair Kwartier is, alteast op de earder neamde plakken, gjin materiaal te finen.[39] Sadwaande komt it totale oantal teksten foar dit ûndersyk út op 558. Utgeande fan rûchwei tsien jier lang 25 lêzingen it jier en trettjin jier alle wiken ien, soe it totale tal lêzingen om de 930 hinne lizze. Lit yn alle gefallen dus dúdlik wêze dat wy rûze dat wy sa'n 60% fan alle lêzingen weromfûn ha en dat wy oangeande ús einresultaten dy slach om de earmtakke hâlde moatte.

4.1 De resinsjes

Wy beheine ús foar ús ynhâldlike analyze aanst ta de útsprutsen resinsjes, mar merke op dat Literair Kwartier út mear as allinnich dy boekbesprekken

35. Sjoch ek noat 4. Foar de statistyske berekkeningen yn dizze paragraaf meitsje de teksten dy't nei jannewaris 2021 fûn binne it measte net út.
36. Tresoar, 'Frys 01.41 lite', UBG as 'TD 414', Frysk Ynstitút, net ynvintarisearre.
37. It digitale argyf fan Omrop Fryslân hat in stikmannich útstjoeringen, lykas in ynterview fan Sierksma mei Wadman út 1949 (Bân NB27942) en in besprek fan Smit oer Wadman út 1970 (Bân NB16236). Yn totaal sa'n tsien LK-fragminten.
38. It draaiboek fan de Fryske útstjoering fan 22/11/1966 (Omrop Fryslân argyfbân NA 19308) seit dêroer: 'de tekst fan it besprek (...) wurdt sa as dat gewoante is nei de útstjûring oertypt troch de sekretaresse fan it "Literair Kwartier", mevr. A. Lochhorn.'
39. Yn de UB Grins wurde yn it net ynvintarisearre argyf fan Siemon Reker noch guon RONO-lêzingen bewarre dy't wol út dy eardere perioade datearje. Sjoch ek noat 35 hjirboppe. Omdat it ûndersyk foar dit artikel al ôfsletten wie ha wy dy net yn ús skôgingen meinimme kind. Wy nimme se wol op yn de by Tresoar ûnder te bringen kolleksje mei pdf's.

bestie. Gauris, yn ien op de fiif útstjoeringen, waard ek in kausery holden oer de boekewike, oer in literêre priis of oer in sintraal literêr probleem en sa út en troch waard ek oandacht bestege oan de persoan en it wurk fan ien skriuwer of lies in skriuwer foar út eigen wurk. Foar dat lêste wie lykwols net sa folle romte. Dat waard mear dien yn rubriken as 'Under de reinbôge' yn de regionale programmearringen. Wat ditoangeande wol bot opfalt is dat yn trettjin prosint fan de foardrachten in grutter ûnderwerp oansnien waard as in resinsje fan in boek of in tydskrift. Foarbylden fan soksoarte lêzingen binne bygelyks Sierksma syn útstjoering 'Friese romans', dêr't er de Fryske literatuer mei (amateur)fuotbaljen yn ferliket (sjoch ek 5.2)[40] of de lêzing fan Johan Buursink, mei in 'overzicht (...) van de literaire activiteiten in de oostelijke gewesten'.[41] De rubryk brocht sadwaande de harkers op 'e hichte fan al it wiuwen en driuwen yn de literatueren fan de noardlike en eastlike provinsjes.

Tabel 1
Literair Kwartier 1950-1973
Oersjoch fan de ûnderwerpen fan de foardrachten

Underwerp	**Tal**	**%**
Resinsje	446	80%
Algemiene lêzing	72	13%
Tydskriften	21	4%
Persoan	12	2%
Foarlêzen	7	1%
TOTAAL	**558**	**100%**

Nettsjinsteande dit alles bestie Literair Kwartier yn it foarste plak wol deeglik út resinsjes (80%), dus út mieningen oer en analyzes fan literêr wurk. Faak gie dat om nij ferskynd wurk. Soms waard ek mear as ien boek besprutsen. Yn de 446 resinsjes út Tabel 1 wurde sadwaande yn totaal 572 boeken besprutsen. Sokke steapelresinsjes (yn totaal 79 stiks) giene ornaris oer twa boeken (44 gefallen), dy't net altyd fan deselde skriuwer hoegden te wêzen.[42] Yn totaal waarden 206 boeken yn steapelresinsjes besprutsen. Foar

40. LK 05/22/1951 F. Sierksma - Friese romans.
41. LK 19/04/1962 J. Buursink - Lezen en schrijven in Twente, Salland en de Achterhoek, 1.
42. As ûnderskied tusken steapelresinsjes en it pocketprogramma is yn dit artikel de besprekker oanholden. Ien sprekker oer trije boeken is in steapelresinsje, fjouwer sprekkers oer fjouwer boeken is in pocketprogramma.

dat gearswyljen fan ûnderskate boeken koenen ferskate redenen wêze. Wadman ferlike sok besprekwurk mei ‘een uitverkoop van restanten’,[43] mar it sjenre fan de boeken spile ek mei; meastal gie it om berneliteratuer dy’t op ’e grutte heap besprutsen waard.[44]

Tabel 2
Literair Kwartier 1950-1973
Besprutsen wurk neffens sjenre

Sjenre	**Tal**
Roman	202
Poëzy	135
Bern	76
Histoarysk/wittenskiplik proaza	74
Ferhalen	62
Toaniel	13
Ferskaat[45]	10
Totaal oantal besprutsen boeken	**572**


4.2 De sjenres

Tabel 2 jout in globaal oersjoch fan de besprutsen wurken neffens sjenre. Opfallend is it grutte oandiel berneliteratuer. In mooglike ferklearring is dat Fryske berneboeken eins altyd al bestsellers west hawwe, tink bygelyks oan klassikers as *Afke’s Tiental* en *Jonges fan Gaesterlân*.[46] Dêrneist falt it tal besprutsen ferhalebondels op. It sukses fan ferhalebondels kaam neffens Tiny Mulder omdat ferhalen ‘minder geestelijke inspanning [van de lezer eisen] dan het vers, minder tijd en korter aandacht dan de roman’.[47] Ferhalebondels pasten dus mooglik goed by de feroaringen dy’t Mulder sels trochfierde mei as doel de rubryk wat libbener en populêrder fan toan te krijen. Yn de sân jier dat Mulder de rubryk dirigearre, waarden 36 ferhalebondels besprutsen, wylst yn de oare sechtjin jier mar 26 besprutsen waarden.

43. LK 20/01/1960 A. Wadman - L. Mellema & T. Straatsma, *Martin van Waning & Jerk*.
44. Grutste tal boeken yn ien útstjoering: LK 01/12/1960 T. Mulder - Bespreekt 7 Friese kinderboeken.
45. De kategory ‘ferskaat’ befettet alles dat net ûnder ien fan de oare kategoryen past, fan bibeloersettings oant in bondel yn de searje fan skoalkrantartikelen *Een tien voor tieners* (De Haach 1970).
46. Oppewal, Teake e.o., *Zo lang de wind van de wolken waait*, 306 en 314.
47. LK 26/01/1961 T. Mulder - D. Tamminga & A. Wadman, Friese verhalen in het Nederlands, 1.

Yn it ljocht fan dyselde ûntwikkeling troch de tiid hinne hat it doel en sjoch nei de ûntjouwing yn de ferhâlding tusken de romans en poëzy. Tabel 2 makke al sichtber dat romans faker besprutsen waarden as poëzybondels. De wiksel fan de serieuze, rasjonele styl fan (romanskriuwer) Wadman nei de populêrdere opset ûnder (dichteres) Tiny Mulder wie mooglik ek de oarsaak fan de feroarjende ferhâlding tusken besprutsen poëzy en romans.[48]

Grafyk 1
Literair Kwartier 1950-1973
Persintaazje romans en poëzy fan it totaal besprutsen wurk per jier



Grafyk 1 befêstiget dat yn Literair Kwartier oer it algemien mear romans as poëzybondels resinsearre waarden, ek al skommelje de persintaazjes troch it lytse oantal resinsjes bot. Utsjitters yn it foardiel fan poëzy binne der yn 1951, 1962 en 1970. Dúdlik is lykwols dat yn de jierren 1950-1973 de roman en net de poëzy de kearn fan de literatuer yn noardeastlik Nederlân en al hielendal yn Fryslân wie. Mei dit byld strykt ek dat krekt út dyselde tiid de romans stamme dy't grutste kommersjele én literêre suksessen út de hiele Fryske literatuer binne, tink bygelyks oan *De Smearlappen* fan Anne

48. Sjoch foar biografyen fan beide: Corporaal, Joke, *Grimmig eerlijk, Anne Wadman en het probleem van de Friese literatuur* (Ljouwert 2009) en Vries, Geart de, *Foar alles is in tiid*.

Wadman, *Fabryk* fan Trinus Riemersma en *Feroaring fan lucht* fan Rink van der Velde.[49] De roman wie drager fan de ideologyske en maatskiplike fernijing fan nei de oarloch. Yn de romans fan nei 1945 lei, oars as yn eardere Fryske literatuer, mear klam as earder op de psychology fan de haadpersoan en (dêrmei) op it yndividualisme (sjoch ek 5.2) as opkommend skaaimerk fan de tiid.

Tsjintwurdich leit de ferhâlding tusken Fryske romans en poëzy krekt oarsom. Bygelyks troch inisjativen as Dichter fan Fryslân kriget Frysk dichtwurk in protte omtinken yn de media. Resinsjes fan Fryske poëzy yn lanlike deiblêden binne gjin útsûnderingen mear.[50] Dêr komt by dat der hjoed-de-dei mear poëzybondels as romans ferskine yn it Frysk.[51] De roman wie dus it sintrale sjenre fan de jierren 1950 mar hat geandewei yn de lêste fiif desennia dat plak ôfstien oan de dichtkeunst.

4.3 De besprutsenen

Guon skriuwers waarden faker besprutsen as oaren. Oer it algemien waard hast alles wat oan skreaun Frysk publisearre waard ek resinsearre.[52] Yn tabel 3 binne de nammen fan de faakst besprutsen skriuwers te sjen. Yn de taheakke is in folsleine list opnaam fan alle besprutsenen en besprekkers. Alderearst falt oan tabel 3 op dat Literair Kwartier benammen Fryske literatuer bespriek. Allinnich Theun de Vries en Simon Vestdijk hearre dêr net ta, mar, nettsjinsteande dat dy yn it Nederlânsk skreaunen, hiene dy ek wol wer in nauwe bân mei Noard-Nederlân. Dat der gjin Grinslanner of Drint by dizze heechfrekwinte ‘gasten’ stiet, is nijsgjirrich. De reden dêrfan soe wêze kinne dat der yn it Drintsk en yn it Grinslânsk folle minder publisearre waard. Op basis fan dizze sifers falt yn alle gefallen te konkludearjen dat foar Literair Kwartier de Fryske literatuer it earste referinsjepunt wie, folge troch de Nederlânske en dêrnei de oare regionale en ynternasjonale.

---

49. Sjoch foar resinsjes LK 14/11/1963 T. Mulder - A. Wadman, *De smearlappen*; LK 27/02/1964 G.A.G. Meerburg - A. Wadman, *De smearlappen*; LK 24/02/1964 G.A.G. Meerburg - T. Riemersma, *Fabryk* en LK 12/12/1971 C.F. de Vries - R. van der Velde, *Foroaring fan lucht*.
50. Sjoch bygelyks oer Albertina Soepboer: Monna, Janita, ‘Fluisterende poëzie over de onverbrekelijke band tussen moeder en kind’, *Trouw* (01/09/2019) en oer Tsjêbbe Hettinga: Barnas, Maria, ‘Zijn gedichten moeten gehoord worden, in het Fries’, *De Volkskrant* (13/05/2017), beide online.
51. http://listnijwurk.tresoar.nl (rieplachte op 24/12/2020).
52. Dat hie Sierksma leaver oars, mar as er allinne boeken mei ‘een zekere pretentie’ bespruts, soe er ‘eenvoudigweg geen werk meer hebben’ (LK 24/04/1951 F. Sierksma – P. Akkerman, *Hessel Ypma*).

Tabel 3
Literair Kwartier 1950-1973
De frekwintst besprutsen auteurs (n>6)

Auteur	Tal kear besprutsen
Anne Wadman	14
Theun de Vries	12
Paulus Akkerman	11
Jelle Brouwer	10
Ypk fan der Fear	10
Marten Sikkema	10
Geart Jonkman	9
Trinus Riemersma	9
Tiny Mulder	8
Sjoerd Spanninga	8
Rink van der Velde	8
Ype Poortinga	7
Simon Vestdijk	7

Tabel 3 lit ek prachtich de relaasje sjen tusken de literêre krityk en it proses fan kanonisearring. De skriuwers dy't yn Literair Kwartier it faakst besprutsen waarden, wurde goed fyftich jier letter noch hieltyd sjoen as de wichtichste Fryske auteurs út de perioade 1950-1973.[53] Resinsjerubriken as Literair Kwartier (en fansels op papier *De Tsjerne*) spilen dus in rol yn it fierder festigjen en bestindigjen fan de kanon.

4.4. De besprekkers

Yn datselde ramt fan kanonisearring falt de namme fan Wadman boppe-oan de list fan de besprekkers hjirûnder yn tabel 4 bot op. Krekt syn namme lit sjen dat de kanonisearren en de kanonisearders faak deselden wiene. Wadman wie yn dy tiid ek op skrift in belangrike resinsint en stie as sadanich bekend as 'De boal fan *De Tsjerne*'. Op 'e radio warde hy him lyksa; hy bespriek it faakst fan allegear yn Literair Kwartier.

Tabel 4
Literair Kwartier 1950-1973
De tsien frekwinstste sprekkers yn LK 1950-1973

Sprekker	Earste - lêste sprekbeurt	Tal sprekbeurten
Anne Wadman	22/08/1952 - 13/10/1960[54]	102
Tiny Mulder	17/11/1960 - 26/10/1972	99
Fokke Sierksma	27/01/1950 - 18/02/1955	82
Cornelis Frits de Vries	06/08/1964 - 14/01/1973	47

53. Men soe Obe Postma misse kinne. Dy hat mar ien bondel útbrocht yn de tiid dat LK bestie, sjoch LK 06/12/1957 A. Wadman - O. Postma, *Fan wjerklank en bisinnen*.
54. Wadman kaam noch ien kear werom: LK 15/02/1966 A. Wadman - Literaire kritiek.

Govert Gezelle Meerburg	30/01/1964 - 08/08/1967	35
Jakobus Pop	05/07/1966 - 14/01/1973	31
Klaas de Wit	18/06/1964 - 30/04/1973	21
Lolle Nauta	29/04/1955 - 16/08/1966	20
Jo Smit	04/03/1955 - 13/09/1970	15
A. Marja	21/04/1960[55] - 03/10/1963	10

De data fan earste en lêste sprekbeurten toane dêrneist rûchwei de generaasjes fan sprekkers yn Literair Kwartier. De jierren 1950 wiene foar Sierksma en Wadman, dy't inoar al koenen fan it tydskrift *Podium*.[56] Sy hienen kwa styl fan besprekken in protte oerienkomsten en woenen beide de Fryske literatuer nei in heger nivo kritisearje. It desennium dat dêrop folge hie in folle grutter ferskaat oan besprekkers. Smit en Gezelle Meerburg falle yn dy perioade op; sy hawwe beide ek direkteur west fan de omrop dy't de rubryk útstjoerde. Foar Smit foelen de sprekbeurten yn Literair Kwartier gear mei syn perioade oan it haad fan de RON. Dat jildt net foar Gezelle Meerburg, dy't pas foar it earst yn Literair Kwartier te hearren wie neidat er al fuort wie as direkteur. Ut de datearringen wurdt ek dúdlik dat Tiny Mulder al in pear jier meidraaide foardat se de einredaksje oernaam. Se hie it dus al in skoft oan tiid hân om nei te tinken oer de feroaringen dy't sy trochfiere soe yn it programma.

It is fierders nijsgjirrich dat hast alle sprekkers dy't faker as tsien kear sprutsen, ek op oare mêden as de radio begien wienen mei de Fryske literatuer. De dosint Nederlânsk De Vries en Grinzer dichter A. Marja binne dêr de iennichste útsûnderingen op. Alle oaren brochten neist harren wurksumheden foar de radio ek Frysk literêr of skôgjend wurk út en wûnen dêr bytiden sels prizen mei.[57] De measte sprekkers resinsearren dus net allinne mar joegen ek sels it goede foarbyld.

5. Literair Kwartier as spegel fan de Fryske literatuer

Literair Kwartier wie in spegel fan de Fryske literatuer yn de foar de literatuer belangrike en formative desennia fan fuort nei de Twadde Wrâldoarloch. De belangrykste spilers út it literêre fjild diene der oan mei, wie it

55. Marja fersoarge yn de perioade 1945-1950 al útstjoeringen foar LK, mar dêr binne gjin teksten fan bekend.
56. Oer *Podium* sjoch ek: Calis, Piet, *Het ondergronds verwachten* (Amsterdam 1989); *Speeltuin van de titaantjes* (Amsterdam 1993); *De vrienden van weleer* (Amsterdam 1999) en *Het elektrisch bestaan* (Amsterdam 2001).
57. Bygelyks De Gysbert Japicxpriis yn 1952 en 1989 foar Wadman, foar Meerburg (ûnder pseudonym Marten Sikkema) yn 1961, Smit yn 1963 en Mulder yn 1986.

net as besprekker dan wol as besprutsene. Mar ek mear in abstracto wie Literair Kwartier in spegel dy't sjen liet hoe't de Fryske literatuer de tiidgeast yn him opnaam en ek wer útdroech. Ta beslút fan dit artikel wolle wy dat sjen litte oan de hân fan trije dominante tema's: (1) de oarloch en it ferset; (2) de psychology fan de yndividuele minsk tsjinoer it kristlik kollektivisme; en (3) de striid tusken de generaasjes sa't dy yn de jierren 1950 begûn te broeien, om yn it desennium dêrnei heech op te lôgjen.

De metoade dy't wy brûkt ha om Literair Kwartier te hifkjen op dy trije tema's is digitaal ynstutsen. Lykas earder sein binne earst alle 558 teksten fan Literair Kwartier-foardrachten ynscand en OCR'e. Yn Adobe Acrobat Pro is dêrnei in syk-yndeks makke om dy folsleine samling foardrachten te ûntsluten en trochsykber te meitsjen. Dêrnei is der in list mei relevante termen opsteld dêr't dit gehiel mei ûndersocht wurde kin. Fan de fynplakken fan dy stekwurden is de kontekst fan de twa oanbuorjende sinnen besjoen om te bepalen hokker teksten út it Literair Kwartier oansleaten by it oanbelangjende tema. Dy teksten en fragminten fan teksten foarmje de basis foar ús analyze.

5.1 Ferwurking fan de Twadde Wrâldoarloch[58]

De 'Oarloch' en de 'Befrijing' is mooglik wol it belangrykste tema út de Fryske (kultuer)skiednis fan 1945 oant 1973. Yn alle gefallen is it gronologysk sjoen it earste. Dat de oarloch sa'n wichtich tema wie, ek yn maatskiplik opsicht, is werom te sjen yn de literatuer. Dy joech in mooglikheid om dat ferline te ferwurkjen.[59] Dat koe wêze yn de foarm fan feitlike histoaryske skôgingen, fan poëzy oer gefoelens fan goed en fout of mei fiktive fersetsheldeferhalen, om mar in pear mooglikheden te neamen. Al dy foarmen fan literêre ferwurking binne sawol yn de begjinjierren as goed fiifentweintich jier nei de befrijing ûnderwerp fan de foardrachten yn Literair Kwartier.[60]

De oarloch – en de befrijing – hiene yngripende gefolgen foar de mienskip en dat fine je dus werom yn de literêre ferbylding, mar ek yn hoe't it literêre fjild him organisearre. De Twadde Wrâldoarloch hie it Fryske mienskipsgefoel hiel bot fersterke, en dy tendins waard nei de befrijing trochset.

---

58. It tema WOII is ûndersocht mei (dielen fan) de folgjende stekwurden: 'antisemitisme', 'bezetting', 'bevrijding', 'bom', 'fascisme', 'geallieerd', 'Hitler', 'jood', 'nazi', 'nsb', 'socialisme', 'verzet', 'wederopbouw' en 'wereldoorlog'.
59. FLMD, *De oarloch en de Fryske literatuer* (Ljouwert 1995).
60. Bygelyks betiid: LK 26/05/1950 F. Sierksma – R.W. van Tuinen, *Forgetten post* mar ek letter: LK 11/10/1971 T. Mulder - H. Algra, *Mijn werk/Mijn leven.*

Dat soarge ek foar in omswaai yn de Fryske literatuer. De befrijing wurdt yn de measte standertwurken oer de skiednis fan de Fryske literatuer dan ek sjoen as it begjin fan in nije perioade. *De Tsjerne* mei syn programmatyske 'De bining forbritsen' woe de literatuer weihelje ûnder it twangjok fan de Beweging wei. Nije sjenres lykas psychologyske romans, parodyen fan boereromans en detectives krigen in plakje yn de Fryske literatuer en 'de opgespaarde producten van de bezettingsjaren' waarden, no't der wer papier wie en gjin sensuer mear, drukt en útjûn.[61]

Yn dy besettingsjierren hiene guon skriuwers net suver op 'e graat west, wylst oare literatoaren krekt út de yllegaliteit kamen. Suvering en fermoedsoening wiene tema's fan komsa. Koartsein, it wiene turbulinte tiden en it wie dreech om de saak byinoar te hâlden. Mar it moast al en de radio wie dêr in geweldich medium foar.

In goed foarbyld fan in foardracht dy't hiel nau rekke oan de tematyk fan dy tiid, is it besprek fan *Volg het spoor terug* fan J.B. Charles troch Fokke Sierksma. Dat boek, dat yn 1953 foar it earst printe waard, soarge foar in soad konsternaasje omdat it 'de problemen die het nationaal-socialisme ons heeft achtergelaten' ûnder eagen brocht. Sierksma fûn dat Charles (pseudonym fan W.H. Nagel) oer de oarloch en spesifyk it nasjonaal-sosjalisme op papier set hie 'wat tallozen in dit land denken, talloze vrouwen, talloze mannen, talloze arbeiders, talloze intellectuelen, talloze oud-illegalen en talloze stilzitters.'[62] It boek befettet de rike gedachtewrâld fan in eks-fersetsman nei de oarloch en giet benammen oer dy syn striid tsjin de ideology fan it nasjonaal-sosjalisme. Dat it in belangryk boek wie, docht ek bliken út it feit dat it yn de desennia nei 1953 mear as tsien kear werprinte is. Faaks is it noch altyd aktueel.[63]

Sierksma fûn *Volg het spoor terug* sa'n wichtich boek dat er der fjouwer útstjoeringen efterinoar oan bestege, it heechste oantal foar ien boek troch de jierren hinne. Sierksma hie sels by it ferset sitten en hie ûnder it pseudonym Frans Wilders yn 1948 al de roman *Grensconflicten* publisearre as literêre ferwurking fan syn eigen oarlochsûnderfiningen. Syn opfettingen komme yn syn besprek fan *Volg het spoor terug* nei foaren as er antwurd jout op in gewissefraach dy't Charles yn it boek stelt oer it al of net dielnimmen oan it ferset:

'Intussen vraagt Charles de lezer ronduit: Wat had gij zelf gedaan in mijn

61. LK 02/09/1955 A. Wadman - Waar blijft het Friese boek?, 3.
62. LK 14/08/1953 F. Sierksma - J.B. Charles, *Volg het spoor terug*, 4.
63. Schuyt, Kees, *Het spoor terug* (Amsterdam, 2010).

> geval? Daarop valt geen antwoord te geven. Men kan alleen zeggen, wat men gedaan had moeten hebben. En dat is dit: consequent zijn. De trouwbreuk tegenover de mede-christenen tot aan het eind bedrijven en de granaat gooien naar de vervloekte potentaat.'[64]

Sa'n sitaat lit moai sjen dat Literair Kwartier mear wie as allinne in rubryk foar boekbesprekken. It wie in platfoarm fan 'Öffentlichkeit',[65] dêr't mieningen op útsprutsen en ûnderwurpen waarden oan krityk. It nijsgjirrige is dêrby dat de literatuer brûkt waard om algemienere maatskiplike problemen te bekommintariearjen. Elkenien yn it Noarden en Easten fan Nederlân dy't in radio (mei FM) hie, koe no dy skôgingen hearre en derop reagearje. En dat lêste barde ek struktureel, bygelyks fia de saneamde harkersposten, dêr't in grut tal minsken ferspraat oer it stjoergebiet in deiboek foar byhold oer de programma's fan de RON.[66] Troch syn poadiumfunksje fungearre Literair Kwartier sa feitlik dus as in spil yn de demokratisearring fan de literatuer.

Ek it besprek fan Jo Smit oer de roman *Ien lyk minder* fan Ypk fan der Fear út 1970 kin lêzen wurde út it eachpunt wei fan oarlochsferwurking. Krekt as yn Sierksma syn besprek santjin jier earder brûkte Smit de literatuer om syn miening oer it maatskiplike probleem fan it oarlochsferline te ferkundigjen. Hy joech syn persoanlike argewaasje oer de earste sin fan it boek, dêr't yn sein wurdt dat trije Joaden yn in lytse, smûke keamer yn Amsterdam sieten:

> 'Een uitdrukkingswijze waartegen ik verzet voel, "trije Joaden", maar een irrationeel verzet, want ik zou niet weten wat er dan wel moest staan. Inderdaad drie Joden, medemensen, landgenoten, maar gereduceerd tot "drie Joden" door de waan van het nazisme.'[67]

Smit hantearre krekt as Sierksma de literatuer as terapeutysk yn it ferwurkingsproses fan de oarloch, in tema dat, sa docht dus bliken, yn de hiele perioade dat Literair Kwartier útstjoerd waard, aktueel bleau. Dat waard it mei boeken as *De rook fan mesjester* fan Tjitte Piebenga (1970) en letter *De Wuttelhaven del* fan Steven H.P. de Jong (1989), yn de literatuer fan de jierren 1970 en 1980 sels hieltyd mear. Hoewol't de styl fan Smit syn besprek folle saakliker is as de wiidweidige radiokausery fan Sierksma út 1953, is der dus dúdlik sprake fan in mienskiplik tema.

---

64. LK 25/09/1953 F. Sierksma - J.B. Charles, *Volg het spoor terug*, 6.
65. Habermas, Jürgen, *Strukturwandel der Öffentlichkeit, Untersuchungen zu einer Kategorie der bürgerlichen Gesellschaft* (Berlyn 1965).
66. TV-dokumintêre 50 jier Omrop Fryslân, diel 1, 26:35.
67. LK 13/09/1970 J. Smit - Y. fan der Fear, *Ien lyk minder*, 2.

5.2 Wrakseling om nivo: de literêre noarm[68]

De perioade fan 1945 oant 1953 waard troch Jo Smit yn syn essay ‘De Fryske literatuer 1945-1967’ beskreaun as ien fan ‘wrakseling om nivo’.[69] Smit helle dêrby de redaksjonele eask fan Fedde Schurer yn *De Tsjerne* oan om de folkskeunst ‘dy’t mei kinst neat to meitsjen hie’ te skieden fan de wiere keunst, dy’t neffens Smit almeast stal krige yn de kritiken fan Wadman.[70] Literair Kwartier gie as radiorubryk mei in grut berik – tegearre fansels mei *De Tsjerne* – foarop yn de striid om de koers fan de Fryske literatuer te wizigjen en de harkers dy smaak by te bringen. Fokke Sierksma en Anne Wadman hawwe der benammen yn de perioade dy’t Smit ôfbeakenet in protte wurk fan makke om de Fryske literatuer nei in heger plan te tillen. Dy spanning oer de fraach wat goede en minne literatuer is, is oant de ein fan de rubryk yn 1973 oanwêzich.

Sierksma makke, yn 1951, syn hâlding oer it nivo fan de Fryske literatuer dúdlik troch ûnderskied te meitsjen tusken ‘volksroman’ en ‘kunstroman’. Dy earste soart typearre er as ‘regionale roman in de zogenaamde streektaal’.[71] ‘[M]en ergert zich aan die achterlijke romankunst’.[72] Leafst soe er sok wurk hielendal net resinsearje, mar yn in lytse literatuer as de Fryske koe dat neffens him gewoanwei net.[73] Wadman hie ek gjin hege pet op fan dy ‘ongeletterde schrijvers’ fan streekliteratuer.[74] Wat beide leaver seagen, wienen romans fan it type dat Sierksma dus ‘kunstroman’ neamt. Wurk dat him ûntluts oan de ‘plattelandse sfeer’ troch in mear dynamyske tematyk en dat boppedat mear omtinken hie foar de psychology fan de personaazjes.[75] Yn de spanning tusken dy twa soarten romans en it grutte ferskil yn lêzersoantallen tusken dy beide lei yn de jierren 1950 en 1960 in probleem foar de Fryske literatuer, dat Sierksma byldzjend yllustrearre mei in byldspraak oer fuotbaljen:

---

68. It tema nivo is ûndersocht mei (dielen fan) de folgjende stekwurden, mei ynspirearre troch Mous, *Fries modernisme*: ‘christelijk’, ‘elite’, ‘existentialisme’, ‘filosofie’, ‘individualisme’, ‘intellektueel’, ‘KFFB’, ‘kunst’, ‘kwaliteit’, ‘literair’, ‘niveau’, ‘psychologie’, ‘streekroman’, ‘Tsjerne’ en ‘volksroman’.
69. Smit, Jo, ‘De Fryske literatuer 1945-1967’, 129.
70. Sjoch oer dit essay (Schurer, Fedde, ‘De bining forbritsen’, *De Tsjerne* 1 (1946), 3-5): Vries, Abe de, ‘De bining ferbrutsen. Elke rigel in died foar it folk’, *Friesch Dagblad* (24/04/2021), 16-17.
71. LK 24/04/1951 F. Sierksma - P. Akkerman, *Hessel Ypma*, 1.
72. Idem, 2.
73. Ibidem.
74. LK 02/06/1960 A. Wadman - P. Akkerman, *Fan it anker slein*, 2.
75. LK 22/07/1959 A. Wadman - P. Terpstra, *Soldaten en muzikanten*, 1.

> ‘Waarom kijkt een voetballiefhebber wel naar een zoveelste rangs club zo goed als naar Ajax, maar waarom lezen allerlei Friese kringen wel Paulus Akkerman, en niet Anne Wadman?’[76]

Spitigernôch foar de kritisy yn Literair Kwartier hie harren skreppen in protte wei fan dweiljen mei de kraan iepen, want de Kristlik Fryske Folksbibleteek (KFFB) hie as bastion foar folksliteratuer yn de jierren 1960 goed 12.000 abonnees.[77] Dat kaam del op sawat ien op de tsien hûshâldingen yn it Fryslân fan dy tiid.[78] *De Tsjerne* kaam dêr mei sa’n 500 abonnees lang net by yn de buert.[79] Miskien lei it dêrom foar de hân dat guon dy’t wat te sizzen hienen oer it nivo fan Fryske literêre útjeften de mikrofoan fan Literair Kwartier opsochten, want dêrmei koene je ommers krekt de lêzers fan dy minne literatuer berikke.

Wat wie der literêr-technysk sjoen sa min oan de KFFB en harren folksromans? Ferskate kritisy fan Literair Kwartier hienen it mier oan dy ‘kristlike romans foar it hiele gesin’.[80] Of, sa’t Tiny Mulder miende:

> ‘[ze] moeten opgetogen uitwijden over burgerlijke deugden, ze moeten goed aflopen en de bruidsmars uit de Lohengrin moet erin worden gehoord’.[81]

De tematyk wie dus totaal tsjinoersteld oan wat de sprekkers fan Literair Kwartier graach seagen: moderne, psychologyske romans dy’t net wei waarden tusken foarspelbere klisjees en trivialiteiten. De resinsinten holden it net allinne by krityk mar joegen sels it goede foarbyld, mei romans as *De Smearlappen* en *Tin Iis.*

De krityk yn Literair Kwartier brocht de Fryske literatuer nei in heger nivo. Dêr siet in kultureel-opfiedend aspekt oan, want der waard de harkers fia de radio in nije literêre smaak foarset. Dy smaak hold in modernisearringsslach yn fan smel tsjerkepaad nei grutte stêd, fan kristenmoraal nei eksistinsjalisme en fan folkloare nei frijsinnigens.

---

76. LK 22/05/1951 F. Sierksma - Friese romans, 3.
77. KFFB, *Tinkskrift, 75 jier Kristlik Fryske Folksbibleteek* (Ljouwert 2009), 4.
78. Foar de sifers sjoch LK 09/11/1961 T. Mulder - G. Lootstra-Smidstra, *De ienlike wei*, 1-2.
79. Wielen, Hendrik van der, *Kultureel perspektyf: Nota fan de Fryske Kultuerried foar it Provinsiaal Bistjûr fan Fryslân* (Ljouwert 1961), 155.
80. KFFB, *Tinkskrift*, 8-9.
81. LK 28/06/1962 T. Mulder - Notities van een lezer, 6.

5.3 Striid tusken generaasjes[82]

Yn de jierren koart nei de oarloch fûnen fansels ek oare wichtige ferskowingen yn it Fryske literêre fjild plak. Yn de literatuersosjology is it tsjintwurdich standert om de dynamyk yn de literatuer te analysearjen oan de hân fan de fjildteory fan de Frânske sosjolooch Pierre Bourdieu. Dy makket ûnderskied tusken konsakrearre auteurs, de arrivés, en de avant-garde, de jonge hûnen dy't de arrivés de seal út skoppe, skelle en skansearje wolle om letter sels like arrivé te wurden.[83]

Ek yn de Fryske literatuer gie de wikseling fan generaasjes bepaald net sûnder rebûlje en trelit.[84] In jonge avant-garde, mei skriuwers as Hessel Miedema, Steven H.P. de Jong en Bauke de Jong as foarmannen, bestried it idealisme fan de fêstige skriuwers as Douwe Tamminga, Fedde Schurer en benammen E.B. Folkertsma. It spul om dy troanopfolging waard yn ferskate media manifest, bygelyks yn de literêre tydskriften. *Asyl* en *Quatrebras* setten har as tydskriften fan de nije generaasje ôf tsjin it âldfrinzich heechhertige karakter fan *De Tsjerne*. Dizze selde jonge en âldere skriuwers kamen ek by de RONO del, ek al wie dat pas yn de jierren 1960 it gefal. Sy gienen der fûler en mear ad hominem yn as Wadman en Sierksma.

Twa foarbylden meitsje dat fuort dúdlik. Op 9 septimber 1964 naam Hessel Miedema de mikrofoan fan de RONO om te praten oer 'Het gewestelijke karakter van de Friese literatuur'. De wrakseling om nivo wie blykber yn 1964 noch altyd net útiten. Boppedat lit de ynhâld fan syn besprek sjen dat der in feroaring fan de wacht oan de gong wie yn de Fryske literatuer. Miedema kaam der mei in karatetraap yn:

> 'De Friese taal, luisteraars, is een dialect aan het worden en eigenlijk twijfel ik eraan of het wel ooit een taal geweest is.'[85]

Sa fette Miedema syn skôging gear oer de ûntjouwing dy't it Frysk en dêrmei Fryslân nei de oarloch trochmakken fan in agraryske nei in yndu-

82. It tema generaasjewikseling is ûndersocht mei (dielen fan) de folgjende stekwurden: 'avantgarde', 'Asyl', 'Bauke de Jong', 'Folkertsma', 'generatie', 'gevestigd', 'Miedema', 'Quatrebras', 'Schurer', 'Steven de Jong', 'Tamminga' en 'Tsjerne'.
83. Robbins, Derek, *The Anthem companion to Pierre Bourdieu* (Cambridge 2017); Bourdieu, Pierre, *The rules of art: genesis and structure of the literary field* (Stanford 1996).
84. Sjoch dêroer de skripsje: Heslinga, Inge, 'Leave abonnee: conflict tussen de Friese literaire tijdschriften *De Tsjerne*, *Quatrebras* en *Asyl*' (MA-skripsje, Ryksuniversiteit Grins 2008).
85. LK 09/09/1964 H. Miedema - Het gewestelijke karakter van de Friese literatuur, 6.

strialisearre ekonomy. By dy oare maatskippijfoarm hearde in literatuer dy't oriïntearre wie op it dynamyske en jachtige bestean en de psychology dy't dêrby heart.

Wat Miedema die, wie typysk avant-gardistysk. Doe't er it oanhelle sitaat útspruts wie er al goed tsien jier ferbûn oan it eksperimintele literêre tydskrift *Quatrebras*. De fêstige oarder fan konsakrearre skriuwers waarden troch dy *Quatrebras*-skriuwers ôfwiisd. Dat gie, lykas neffens de fjildteory fan Bourdieu oer de avant-garde wenst is, mei subjektive arguminten dy't it

âldfrinzige karakter fan it wurk fan dy autoriteiten yn de literatuer útljochten.[86]

Soks gie bytiden need, sa't in resinsje fan Bauke de Jong op 28 juny 1966 sjen lit. Dat besprek hie ek gâns neisleep. De Jong syn besprek fan *Aarden Vaten* fan de sjoernalist Jan Piebenga sloech yn as in bom. De man wie nei syn essay oer antysemitisme yn it wurk fan E.B. Folkertsma (út 1965) al persona non grata yn de Fryske literêre wrâld, en yn it provokative besprek fan bondele krante-artikels fan de âld-haadredakteur fan de Leeuwarder Courant die De Jong der noch in bêste skep boppe-op.[87] 'Bline Bauke'[88] begûn syn besprek mei in dryste fyzje op Piebenga syn earder ferskynde *Korte geschiedenis van de Friese literatuur*:

> '[E]én van de belachelijkste boeken die de laatste 10 jaar in het Fries verschenen zijn. Het werd dan ook prompt bekroond.'[89]

Hy ferfolge syn beskimping:

> 'Piebenga stond negatief tegenover al die dingen die in deze moderne maatschappij eenvoudig niet meer weg te denken zijn. Hij had een Don Quichot kunnen zijn, maar daarvoor ontbrak het hem aan geest en stijl. Hij was een erbarmelijk simplificateur. Hij gedroeg zich als een klein kind dat pruilend in een hoekje gaat zitten, omdat de wereld zo boos is.'[90]

Sokke taal soarge sels yn de gystene jierren 1960 foar opskuor. Einredakteur

---

86. Bourdieu, Pierre, *Opstellen over smaak, habitus en veldbegrip* (Amsterdam 1989), 186-193.
87. Sjoch oer Bauke de Jong vs. Eeltsje Boates Folkertsma: Jong, Bauke de, 'E.B. Folkertsma, Us bêste tsjerkeblêdtsje-essayist grif, of: de doarpsidioat as essayist', *Asyl* 2 (1965), 54-69.
88. De bynamme helle út: Tamminga, Douwe, 'In spultsje fan bline Bauke', *De Tsjerne* (1965), 141-144.
89. LK 28/06/1966 B. de Jong - J. Piebenga, *Aarden Vaten*, 1-2.
90. Idem, 6.

Lolle Nauta stapte nei krityk fan it bestjoer fan de RON op as einredakteur fan Literair Kwartier en De Jong wie ek net mear wolkom yn de rubryk.[91] Neidat Fokke Sierksma it foar De Jong opnaam hie, folge in polemyk mei de fêstige skriuwers Freark Dam, Geart Jonkman en Douwe Tamminga.[92] De reputaasje fan De Jong wie lykwols sa bot skeind, dat syn meiwurking oan in fúzje fan de trije Fryske literêre tydskriften yn 1966 net troch de útjouwer tastien waard.[93] De Jong waard dêrnei ekskommunisearre út it Fryske literêre fermidden.[94]

Krekt as earder it besykjen fan Miedema om in 'bom in de wereld van de belangstellenden van de Friese taal en cultuur' te lizzen, wie ek it bearen fan Bauke de Jong karakteristyk foar de striid dy't him yn de Fryske literatuer yn de jierren 1950 en 1960 ôfspile.[95] De jonge generaasje skriuwers besocht om har in wei omheech te foeterjen en Literair Kwartier joech dêr in poadium oan. De rubryk wie dêryn gjin baanbrekker, mar koe syn Nederlânske wjergaders; yn dyselde tiid sette W.F. Hermans syn *Mandarijnen op zwavelzuur* yn it soer en dy die it wer nei goed foarbyld fan foeterpionier Lodewijk van Deyssel.[96] Literair Kwartier spegele dus op it mêd fan generaasjekonflikten de Fryske literatuer, dy't op syn beurt tekene waard troch de ûntjouwingen yn de Nederlânske maatskippij en literatuer fan dy tiid. Botsing fan generaasjes wie fansels net omdoch ien fan de belangrykste skaaimerken fan de jierren 1960. Spitigernôch hawwe wy gjin sjoch- en harksifers ta ús foldwaan fan de útstjoeringen fan de RONO yn dy tiid, mar it seit himsels dat Literair Kwartier foar sokke yn earste ynstânsje op skrift útfochten rûzjes wurke as in geweldige megafoan.

6. Konklúzje

Al mei al hat Literair Kwartier in belangryk programma west foar de Fryske literatuer. De grutste literatoaren út de perioade 1945-1973 fûnen der in plak om nij ferskynd wurk te resinsearjen, dus te priizgjen of te bekritisearjen, mar koenen ek harren ûngeriif kwyt oer de problemen dy't sy yn de maat-

91. TV-dokumintêre 50 jier Omrop Fryslân, diel 2, 13:30.
92. Folslein opnaam yn: Riemersma, Trinus, *Hoe binne de helten fallen: Bauke de Jong syn ûnkristlike krústocht* (Frjentsjer 2006).
93. Oppewal e.o., *Zo lang de wind van de wolken waait*, 151-152.
94. Nota, Durk, 'E.B. Folkertsma, de ivige kroanprins fan it Frysk nasjonalisme', *Hjir* 14-4 (1985), 43.
95. LK 17/08/1965 S. H. P. de Jong - Is het Fries een dialect?, 1.
96. Sjoch oer Van Deyssel: Prick, Harry, *Een vreemdeling op de wegen, het leven van Lodewijk van Deyssel vanaf 1890* (Amsterdam 2003).

skippij merkbieten. Literair Kwartier kin beskôge wurde as de sprutsen fariant fan *De Tsjerne*, mar dan wol op it formaat fan in megafoan. Ek al witte wy net krekt hoefolle harkers at Literair Kwartier hie, grif wie it in mannichte mear as de 500 abonnees fan De Tsjerne. Wat dat oangiet is it spitich dat der yn ûndersyk nei de Fryske literatuer oant no ta amper omtinken west hat foar de rol fan multimediale presintaasjefoarmen – yn dit gefal de radio. De ynhâld fan Literair Kwartier lit oars sjen wat fansels ek út oare boarnen wol bekend is: de nei-oarlochske perioade wie foar de Fryske literatuer ien fan útwreiding yn ’e djipte en bridte. De radio – in folslein nij medium – bea in sprekbuis om hûshâldingen te berikken en dy mei koarte praatsjes oer literatuer in nije smaak en boppedat nij ynsicht yn de moderne minske en maatskippij by te bringen. Literair Kwartier joech de folwoeksen wurdende Fryske literatuer dêr in poadium ta, in megafoan foar de massa.

Dochs wie Literair Kwartier net in suver Fryske oangelegenheid. Ut de Grinzer studio wei wie der ek gâns omtinken foar oare literatueren. It gie dan om ynternasjonaal wurk, mar ek om wurk fan skriuwers út it Nedersaksyske gebiet. Skriuwers út dy regio kamen boppedat faak lâns om útstjoeringen te fersoargjen.[97] Literair Kwartier wie dus net allinne foar literêr oanleine Friezen in moetingsplak: der wie yn de belibbing sprake fan in noard(east)lik literêr klimaat. Opfallend ferskil tusken de Friezen en de oaren is de folle gruttere klam op it Frysk as literêre taal as op de Nedersaksyske streektaalfarianten. Skriuwers út Grinslân en mooglik ek Drinte (b.g. Koos Schuur, Bert Schierbeek, Max Dendermonde) skreaunen earder yn it Nederlânsk.[98] Fierder ûnderysk nei de dwersferbannen yn it literêre miljeu fan de noardeastlike provinsjes, dy’t ûnder oaren yn Literair Kwartier ta útering kamen, soe nijsgjirrige ynsjoggen opsmite kinne oer bygelyks de autonomy fan de Fryske literatuer.

Minorities & Multilingualism | Frysk
Ryksuniversiteit Grins
mkingma@fryske-akademy.nl

Learstoel Fryske taal- en letterkunde
Ryksuniversiteit Grins
g.t.jensma@rug.nl

97. Bygelyks: LK 18/05/1961 W. Diemer - Jac. van Hattums gedichten over Friesland; LK 21/10/1966 S. van Wattum - De betekenis van Hendrik de Vries voor de Groninger regio.
98. Sjoch Jensma, Goffe, ‘Hendrik de Vries en de noordelijke literatuur, Grinslanners en Friezen’ yn: Beuse, A., De Groot, J., De Jonge, E. en Riem, P., *Ons Archief* (te ferskinen yn 2022); Sandman, Herman, *Arcadia der poëten: het literaire leven in Groningen, 1945-2005* (Grins 2008).

Taheakke: Besprekkers en besprutsenen

As oanfolling op tabellen 3 en 4 folgje hjir de folsleine listen fan besprekkers en besprutsen auteurs út de 558 teksten út de perioade 1950-1974 dy't foar dit artikel ûndersocht binne. De tabellen binne yn it foarste plak oardere op hoe faak oft ien of spruts of besprutsen waard. As dat oantal gelyk is, binne de persoanen op alfabetyske folchoarder fan de achternamme neamd.

Besprekker	**Tal kear besprutsen**
Anne Wadman	109
Tiny Mulder	99
Fokke Sierksma	82
Cornelis Frits de Vries	47
Govert Gezelle Meerburg	35
Jakobus Pop	31
Klaas de Wit	21
Lolle Nauta	20
Jo Smit	15
A. Marja	10
Boudewijn van Houten	9
Douwe Tamminga	8
Jan Dotinga	7
Leo Popma; Jan Wybenga	5
Bauke de Jong; Jan Bijlsma; Hans Oskamp; Ria Postma-Stolk; Trinus Riemersma	4
P. van Emst; Jan Niehoff	3
Willem Diemer; Hendrik Entjes; Klaas Heeroma; Steven H.P. de Jong; Derk Jan Klompsma; Jan de Zanger	2
Theo van Baaren; Jelle Brouwer; Johan Buursink; C. Cabout; Freark Dam; Lidy van Eijsselsteijn; Willem Frederik Hermans; Hans Heyting; Diet Huber; Jelle de Jong; Sjoerd Leiker; Hessel Miedema; Frank Venema; Tjitte Piebenga; Durk van der Ploeg; H. Roozendal; Pieter Roscam Abbing; A. Sassen; Fedde Schurer; Rink van der Velde; Garmant Nico Visser; Theun de Vries; Simon van Wattum; Evert Zandstra	1

Besprutsen auteur	Tal kear besprutsen
A. Wadman	14
Th. de Vries	12
P. Akkerman	11
J.H. Brouwer; Y. fan der Fear (sj. ek E. Wassenaar); M. Sikkema (sj. ek G.A.G. Meerburg)	10
G. Jonkman; T. Riemersma	9
T. Mulder; S. Spanninga; R. van der Velde	8
Y. Poortinga; S. Vestdijk	7
F. Dam; T. Piebenga	6
A. Brouwer; W. Cuperus; W.F. Hermans; S. Kloosterman; D. van der Ploeg; F. Schurer; B. van der Veen	5
H. Faber; H. Heeringa-Seepma; I. de Jong; D. Kalma; J.J. Kalma; R.R. van der Leest; S. Leiker; A. Marja; J. Piebenga; G. Spaanderman-Wielinga; A.A. van der Werf; A.I. Brouwer-Prakke	4
R. Brolsma; K. Dijkstra; S.M. van der Galiën; K. van der Geest; M. de Jong; S. de Jong; D.H. Kiestra; Th. Kuiper; M.A.M. Renes-Boldingh; P. Terpstra; G.N. Visser; J. Visser-Bakker; H. de Vries; J.P. Wiersma; L. Wiersma; J. van der Woude	3
G. Abma; T. Alzum; M. Apperloo; Belcampo; R. Blijstra; J. Boelens; W. Brakman; T. Brattinga; L. Brolsma; G. Brouwer; J.B. Charles; J. Dotinga; J. Faber; P. Feddema; E.B. Folkertsma; J. de Haan; N. Haisma; J. van Halen; A. Hellinga; D. Huber; D. Jaarsma; E.S. de Jong; G. Lootsma-Smidstra; W. de Moor; G. Mulder; J.S. Niehoff; T. Peanstra; H.J. Prakke; B. Schierbeek; J. Smit; H. Speerstra; T. Straatsma; K. Tucholsky; R.W. van Tuinen; J. Visser; M. Visser; D. Weening-Meijer; G.A. Wumkes; J. Wybenga; E. Zandstra	2
S.P. Akkerman; H. Algra; J. Althuysen; H. Arends; H.W.F. Aukes; I. Babel; D. van der Berg; H. van den Bergh; G. Bijker; J.J. Bijlsma; J. Bilker; R. Bink; H. Bleeker; J.C. Bloem; K.R. Boelens; A. de Boer; J. Boomsma; T. Bottema; W. Brandt; W.A. Brasem; Ph. Breuker; H. Brijker; J. van den Broek; M. Brouwer; E. Bruma; M.P. van Buijtenen; G. Burgy; M. Bylsma; R. Campert; A. Camus; M.H. Castelein; R. Chapkis; E. Claes; R.A. Cornets-de Groot; T. Cornips; D. Daen; J.C. van Dam; F. Dard; M. Dendermonde; W. Diemer; G. Dijkstra; R. Dijkstra; B. Douma-Oostra; A.C. Doyle; W. Dykstra; W. Dykstra-Talsma; W.J. Eelssema; H. Eernstma; L. van Eijsselsteijn; G. Elgersma; G. van Esveld; J.C. Falke; R. Feith; B. Fokkema; K. Fokkema; Y. Foppema; J. Geartsma; J.Y. Gietema; H. Goïnga; G. Grass; N. Gregoor; H. Groeneveld; K. Haakma; S. de Haan; J. den Haan; H.S. Haasse; Hadewich; K. Heeroma; W. Hemrica; J. van der Heyden; H. Heyting; N. fan Hichtum; J.W. Holsbergen; U. van Houten; D.S. Hovinga; E. Howard Harris; J. Huisman; W.G. van der Hulst; J. Hylkema; P. Izaak; M. Jacobse; B. Jagt; S. Jensema; T. Jensma; H. de Jong; J. de Jong; J.D. de Jong; F. Jongema; J. Jongema; K.S. Katsma; C.J. Kelk; H.J. Keuning; J. Knol; J.M. Komter; G. Kooistra; J. Kott; C. Kroes-Ligtenberg; J. Kroeze; G. Krol; S. van der Land; S. Lautenbach; S.J. Lec; W. van Leeuwen; F. Lepeuter; D. Lessing; W. Liuwes; F. Manfred; N. Marsh; J. van Maurik; A. van der Meer; G.A.G. Meerburg (sj. ek M. Sikkema); A. Meester-de Vries; J. Meijer; L. Mellema; R. Merle; G. Meter; H. Miedema; O. Mirbeau; S.J. van der Molen; K. Mulder; H. Mulisch; I. Murdoch; R. Nieuwenhuys; P. Nijland; T. Oegema van der Wal; F. Omelka; H. Oosterhuis; N.E.M. Pareau; A. Peypers; H. Peyre; L. Popma; R. Posthuma; O. Postma; R. Postma-Stolk; A. Rakers; D. Reinders; G.K. Reve; R. Riemersma; Rixt; A. Roelofs-van Goor; C. Rogge; R. Roorda; R. van Rossum; F. Rutke; W. Ruyslinck; M. Samplonius; N. van der Schaaf; H.K. Schippers; J.W. Schulte Nordholt; F. Schuurmans-de Boer; B.A. Siebesma; J.F. Siemensma; F.	1

Sierksma; G. Sikkema-Veenstra; G. Simenon; P. Sipma; A. Sivirsky; A. Smit-de Boer; L. Smulders; G.J. Soldaat; M. van Someren; K. Soudijn; F. Stellingwerf; J. Stienstra; T. Stoppard; G. Stuiveling; E. Thomson; J.G. Toonder; W. van Toorn; M.E. Tralbaut; A.H. Twijnstra; P.J. Troelstra; B. Tuinstra; H.J. van Nijnatten-Doffegnies; H.G. van der Veen; J. Versteegen; A. van der Vet; B. Vian; J. Vledder-van der Knoop; A. de Vries; W. de Vries; L. van der Wal; R. Waskowsky; E. Wassenaar (sj. ek Y. fan der Fear); S. van Wattum; A.A. van der Werff; C. Wilkeshuis; D. Winsemius; K. de Wit; A.J. Wybenga; M. Yourcenar; C. Ypes; J.F. de Zanger; W.L. Zijlstra; G. van der Zwaag